

te gast

# De PvdA en de plaknammen

**D**e PvdA fan 't Bilt woe wol 'In 't spier foor 't Bildts aigene'. Wannear woe er dat? Krekt foar de lêste riedsferkiezings. De hjerstmis fan 2013 soe yn de Stannebuurtster riedseale oer de doarpsnammen stimd wurde.

De stân wie op in stuit seis om seis - seis pro Froubuurt en Ouwe-Syl ensa, en seis kontra - doe't it trijefrou/manskip fan de PvdA-fraksje as lêste foar de stimming wei wynde. Want, sa sei de fraksjefoarsitster fan Grinzerlanner komôf, guon bedriuwen soe de taalwiksel Hollânsk-Biltsk yn de plaknammen op wol 35.000 euro komme. It wie wol net wier, mar yn de polityk kin in lychje út goederbêsten der wol op troch, sil se tocht hawwe.

De PvdA-riedsfraksje woe earst noch wolris om goerie nei it Provinsjehûs ta, nei de politike kammeraatskes en kammeraten. It wie wol net wier, mar dat koe neat skele.

En no al, eardat 't Bilt en Menameradiel offere wurde op it alter fan de Haachske weryndielingsgoaden, no al sil in mien-skiplike 'stjoergroep' fan bestjoerders en siktarrissen de gemeenterieden útstelle, om de Hollânske nammen yn 't Bilt oan te hâlden!

Frjentsjerter en Menamer



FOTO LC/ARODI BUITENWERF

boargemasters, wethâlders en siktarrissen bemuoie har mei in kwestje dy't harres net is. En eardat de bolle kealle hat sille net botte ferdraachsume Frjentsjerter en Menamer riedsleden sûnder bân en bining mei dat 'plakky grônd fan krap achtdûz- zend morgen', net oan de bypas- sende 'biltskaigen' plaknammen wolle. Want it Biltsk lykje se in oantaasting fan de steatstaal te achtsjen, in gefaar foar de ryk- sienheid en in bedriging fan 'e frede.

Yn de Stannebuurtster PvdA wurdt it 'prematuer', i.e. te be- tiid, achte om yn de maart- moanne al oer it útstel fan de stjoergroep te oardieljen. De fraksje, by de ferkiezings fan ferline jier ta in twamanskip belytse, wol earst noch mar wer ris oerlizze, diskears mei syn partijbestjoer. Oft dat wól wier is? Ferkeapers en PvdA-politisy hearre ta de groep fan grutste ligers (LC 7 april 1997).

De twamansfraksje hâldt it hiele Bilt al fiif fearnsjier op 'e tocht, de fraksje misbrûkt syn macht. De PvdA mei dreame fan in takomst yn de nije gemeente Peinzeradiel mei Onze Lieve Vrouwenparochie en Minnertsgea ensa, de PvdA kin wat leare fan it ferline.

Oardel jier ferlyn dreamde de Jouster FNP fan in takomst yn de nije gemeente De Fryske Marren, meikoarten wurdt de dream werklikheid. De PvdA soe fan Frysk-Nasjonaal leare kinne, hoe't er de wierheid dreame kin: nei de ferkiezings yn it lêst fan 2017 sil de Frjentsjerter megarie Onze Lieve Vrouwenparochie yn it eigen en fertroude Froubuurt ferbetterje en Minnertsgea yn Minnertsgea feroarje, ensa. Lang om let sil it goede winne!

BERTUS JANS POSTMA  
Bitgummole.